

Nummer: 003 PE
Datum: 30 januari 2024

Geld voor maatregelen en onderzoek naar Wadvogelpopulaties

Fryslân draagt €200.000,- bij aan het project Waakvogels en €83.333,- aan fase II van het programma Wij & Wadvogels. Daarmee ondersteunt de provincie Fryslân twee programma's voor het bereiken van gezonde Wadvogelpopulaties. Het geld wordt beschikbaar gesteld vanuit de cofinancieringsmiddelen van het Investeringskader Waddengebied. "Provinsje Fryslân draacht graach by oan dizze prachtige programma's. Se passe goed binnen de doelstelling fan it Investeringskader Waddengebied fan de trije Waadprovinsjes," aldus Waddengedeputeerde Matthijs de Vries.

Wij & Wadvogels

Het programma Wij & Wadvogels is door Vogelbescherming Nederland ontwikkeld samen met natuurbeheerorganisaties. Het is belangrijk om binnen Wij & Wadvogels aanvullende maatregelen te nemen voor het behoud en herstel van vogelpopulaties in het Waddengebied. Inzet van fase twee van het programma is om de wadvogels te blijven ondersteunen, met als doel een trendbreuk te realiseren in de dalende populaties. Het Nederlandse deel van de Waddenzee is nog steeds een zwakke schakel van de East Atlantic Flyway.

Waakvogels

In het programma Waakvogels worden zes Wadvogelsoorten over langere periode gemonitord. Doel daarvan is om er achter te komen hoe het met hun specifieke leefomgeving gesteld is. Die, voor elke soort verschillende, leefomgevingen staan onder invloed van onder andere de achteruitgang van ecosystemen, intensieve landbouw, industrie en klimaatverandering. Daarnaast wordt kennis opgedaan over het effect van herstelmaatregelen op de vogelpopulatie.

Nûmer: 003 PE
Datum: 30 jannewaris 2024

Jild foar maatregels en ûndersyk nei Waadfûgelpopulaasjes

Fryslân draacht € 200.000 by oan it projekt Waakvogels en € 83.333 oan faze II fan it programma Wij & Wadvogels. Dêrmei stipet de provinsje Fryslân twa programma's foar it berikken fan sûne Waadfûgelpopulaasjes. It jild wurdt beskikber steld fanút de kofinansieringmiddels fan it Investeringskader Waddengebied. "Provincie Fryslân draagt graag bij aan deze prachtige programma's. Ze passen goed binnen de doelstelling van het Investeringskader Waddengebied van de drie Waddenprovincies," sa seit Waddengedeputeerde Matthijs de Vries.

Wij & Wadvogels

It programma Wij & Wadvogels is troch Vogelbescherming Nederland ûntwikkele tegearre mei natuerbehear organisaasjes. It is wichtich om binnen Wij & Wadvogels oanfoljende maatregels te nimmen foar it behâld en werstel fan fûgelpopulaasjes yn it Waadgebiet. Ynset fan faze twa fan it programma is om de waadfûgels stypjen te bliuwen, mei as doel in trendbrek te realisearjen yn de delgeande populaasjes. It Nederlânske part fan de Waadsee is noch hieltyd in swakke skeakel fan de East Atlantic Flyway.

Waakvogels

Yn it programma Waakvogels wurde seis Waadfûgelsoarten oer langere perioade monitoard. Doel dêrfan is om der achter te kommen hoe 't it mei harren spesifike leefomjouwing steld is. Dy, foar eltse soort ferskillende, leefomjouwingen steane ûnder ynfloed fan ûnder oare de efterútgong fan ekosystemen, yntinsive lânbou, yndustry en klimaatferoaring. Dêrneist wurdt kennis opdien oer it effekt fan herstelmaatregels op de fûgelpopulaasje.